



Orgaan foar de Fryske taal

Provinsjale Steaten fan Fryslân
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspan 40
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid

Ljouwert, 1 septimber 2016

Achte leden fan Provinsjale Steaten,

Op 21 septimber 2015 hat it orgaan foar de Fryske taal DINGtiid it advysrapport 'Feroaring en ferbettering' (<http://dingtiid.fr> → advizen) oanbean oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkrykrelaasjes, tagelyk is it advysrapport ek oan Deputearre Steaten stjoert. It advys befettet twa haadlinen. De earste is rjochte op sterke ferbettering fan de útfiering fan de taalwet op alle oerheidsnivo's. Yn it twadde part fan it advys ropt DINGtiid op om koers te setten nei in breed droegen langetermynperspektyf foar it Frysk.

Krekt wat de útfiering fan de taalwet en it ymplementearjen dêrfan oanbelanget, hat DINGtiid grutte soargen. Sa skriuwe Deputearre Steaten yn it útfieringsplan by de beliedsbrieff "Mei hert, holle en hannen" dat alle Fryske gemeenten yn 2020 in (streek)taalbelied fêststeld ha en dat yn 2019 de wetjouwing wat it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear oanbelanget folslein ymplementearre is. Dit wylst de Wet gebrûk Fryske taal al op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden is.

Yn it neamde advys fan septimber 2015 skriuwt DINGtiid dat der in taalskipper komme moat, dy't ferantwurdlik is foar de stjoering en ymplementaasje. Op dit stuit bliuwt de útfiering fan de taalwet, nettsjinsteande it oanstean hjiropp, te lang hingjen en DINGtiid is fan betinken dat it needsaaklik is dat hjir mear stjoering op jûn wurdt.

DINGtiid stipet it stribjen fan de Deputearre Steaten om it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear te befoarderjen, troch tegearre mei it Ryk de Wet gebrûk Fryske taal strakker te hanthavenjen. Yn it útfieringsplan by de beliedsbrieff "Mei hert, holle en hannen" jouwe Deputearre Steaten oan dat hja de gemeenten fergje wolle op it fêststellen fan taalbelied en in taalferoarding en dat hja mei it fuortsetten fan it projekt "Gemeenten en Frysk" ynhâldlike en praktyske stipe jaan wolle


Lykstrekkich boppesteande ûntwikkeling hat DINGtiid alle Fryske gemeenten - mei útsûndering fan de frijstelde gemeenten It Amelân, Skylge, Skiermûntseach, Flylân en Weststellingwerf - frege wat sy op dit stuit dogge om it Frysk ûnder har ynweners te promoatsjen en hoefolle budzjet/fte sy beskikber stelle foar de Fryske taal. Fan de 19 Fryske gemeenten dy't falle ûnder de nije Fryske taalwet hawwe 14 gemeenten reagearre op de oprop fan DINGtiid. Opfallend is dat gemeenten ferskillend omtinken oan it Frysk jouwe:

- Grutte ferskillen yn beskikber budzjet. Net altyd is krekt bekend hoefolle budzjet der is, faak giet it om in ynskatting. Fariearjend fan €1.297 (Ljouwerteradiel) oant €35.000 (Ljouwert) yn it jier. Dêrby moat al rekken holden wurde mei it tal ynwenners yn in gemeente. Yn Opsterlân is jierliks € 0,07 de ynwenner beskikber foar it Frysk. Yn Littenseradiel € 1,22 (sjoch tabel).
- Ferskil wat gemeenten dogge foar har ynwenners. Guon stelle jild beskikber foar it Tomkeprojekt, AFUK of foar Frysk op pjutteboartersplakken. Oare gemeenten jouwe ek alle jierren in Frysk boek oan skoalbern of stelle jildprizen beskikber foar Fryske projekten.
- Fte's foar amtners Frysk binne faak net offisjeel fêststeld. Meast krije kommunikaasje- of kultuermeiwurkers it Frysk yn portefúlje derby. Tiid foar it oersetten fan offisjele dokuminten fan of nei it Frysk giet dan bygelyks ôf fan it tal oeren dat beskikber is foar it Frysk of it opstellen fan nij taalbelied. It Frysk wurdt der koartsein meastentiids 'by dien' of der binne mar in pear oeren yn de wike beskikber foar it Frysk.
- Grut ferskaat tusken it tal fte's dat gemeenten (wol en net offisjeel bekend) foar it Frysk hawwe. Fan 0,02 fte (yn Frjentsjer) oant 0,2 fte (yn Ljouwert, Ferwerderadiel en Súdwest-Fryslân).

Hjirmei is dit in dúdlike yllustraasje fan it tekoart oan mooglikheden by gemeenten om de taalwet mei de noadige faazje te ymplementearjen. DINGtiid freget har ôf of't it budzjet en it tal beskikbere fte's by gemeenten wol foldwaande is om goed taalbelied op te stellen en út te fieren. Stipe fan de Provinsje Fryslân, finansjeel en/of mei mankrêft (fte's), is dêrby ûnmisber.

DINGtiid is fan miening dat op dit stuit de posysje fan it Frysk net fersterke wurdt. Dêrby is DINGtiid fan betinken dat de beliedsbrieff "Mei hert, holle en hannen" en it dêrby hearrende útfieringsplan net foldwaande hâldfêst jouwe salang net dúdlik is wa de rol fan taalskipper, mei oare wurden, wa de stjoering op útfiering en ymplementaasje op him/har nimt.

Mei freonlike groetnis,



Klaas Sietse Spoelstra
Foarsitter DINGtiid

Taheakke:
Tabel Gemeenten en Frysk

Dit brief wurdt ferstjoerd oan:
Steatefraksjes Provinsjale Steaten fan Fryslân
Steategriffy

Kopy fan dit brief wurdt ferstjoerd oan:
Deputearre Steaten
Amtners Kultuer & Mienskip
Parse
Stipepunt 2.0/Gemeenten en Frysk
Amtners oansluten by Gemeenten en Frysk

Tabel Gemeenten en Frysk

Gemeente	Tal ynwenners CBS 1/1/2015	Fte	Totaal budzjet €	Budzjet €/ynwenner
Opsterlân	29.859	0,2	2.100	0,07
Smellingerlân	55.635	0	4.700	0,08
Kollumerlân	12.835	0,03	1.495	0,12
Ljouwerteradiel	10.221	0,05	1.297	0,13
Dantumadiel	19.059	0,1	2.500	0,13
Dongeradiel	23.983	0,1	3.042	0,13
It Hearrenfean	50.141	0,1	7.800	0,16
Ljouwert	107.691	0,2	35.000	0,33
Súdwest-Fryslân	84.164	0,2	28.850	0,34
Achtkarspelen	27.983	0,1	11.546	0,41
Tytsjerksteradiel	31.957	0,05	13.500	0,42
Ferwerderadiel	8.738	0,2	3.750	0,43
Frjentsjerteradiel	20.328	0,02	10.000	0,49
Littenseradiel	10.879	0,1	13.307	1,22
Eaststellingwerf		?	?	?
It Bilt		?	?	?
Fryske Marren		?	?	?
Harns		?	?	?
Menameradiel		?	?	?

Tabel: beskikber budzjet en fte's foar Frysk yn gemeente.